

Algemiene betinksten 'ZiNkraamzorg' en har fêstiging

Dizze betingsten binne fan tapassing op alle troch 'ZiNkraamzorg', of ien fan har fêstiging, ôfsletten soarchoerienkomsten. Opjaan foar kreamsoarch fynt plak troch middel fan ûndertekening fan de klant op it troch 'ZiNkraamzorg' of ien fan har fêstiging fêststelde ynskriuwformulier. Mei it ynskriuwformulier wurde tagelyk dizze algemiene betingsten oan de klant jûn. De algemiene betingsten binne by oanfreegjen yn oare talen beskikber.

Te leverjen soarch

- 'ZiNkraamzorg' en har fêstiging biede soarch op maat.
- It tal oeren te leverjen soarch wurdt yn oerlis mei de klant fêststeld. De fergoeding hjirfoar is ôfhinklik fan de poalisbetingsten fan de fersekerder. De levere oeren soarch dy't net troch de fersekerder fergoede wurde, wurde streekrjocht by de klant yn rekken brocht.
- By sikefûns fersekerde klanten wurdt in eigen bydrage yn rekken brocht per levere oere soarch.
- De prioriteit foar kreamfersoargjenden is de soarch foar mem en bern. Húshâldlike taken binne hjir ûndergeskikt oan.

ARBO-rjochtlinen (Arbeidsomstandigheden Wet)

- 'ZiNkraamzorg' en har fêstiging arbeidzje neffens de Arbo-rjochtlinen. Dizze rjochtlinen binne op te freegjen op it haadkantoar fan 'ZiNkraamzorg' of by ien fan har fêstiging.
- De wurklokaasje moat feilich wêze en der moatte wurkbere omstannichheden wêze. As soks it gefal net is, kin de soarch stil lein wurde.
- By in thúskream en yn'e kreamtiid moat it bêd fan 'e kreamfrou op in hichte fan op syn minsten 70 sintimeter en op syn measten 100 sintimeter stean. As hjir net oan foldien wurdt kin de soarch stil lein wurde.
- Der moat waarm streamend wetter oanwêzich wêze op de ferdjipping dêr't de kreamfrou en de poppe fersoarge wurde.

Ferfier

- As de kreamfersoargjende by har fersekeringsmaatskippy in fersekering foar ynsittenden ôfsletten hat, mei hja fan har eigen auto gebrûk meitsje, as't mar foar de húshâlding is. Dit is lykwols har eigen kar.
- By gebrûk fan 'e eigen auto wurde de riden kilometers by de húshâlding yn rekken brocht, neffens de sekundêre wurkbetingsten.
- 'ZiNkraamzorg' riedt har persoanlik oan de auto fan 'e klant net te brûken. As de kreamfersoargjende soks op ferfiik fan de klant wol docht, dan bart dat folslein op it risiko fan de klant. 'ZiNkraamzorg' kin net oanspraaklik steld wurde foar in mooglike skea.

Tariven

- De maksimale tariven wurde jierliks fêststeld troch it 'College Tarieven Gezondheidszorg'.

Fakturearing

- Per 1 maaie is troch 'ZiNkraamzorg' mei ATC in fakturearing-akkoart sletten. ATC fersoarget de fakturearing fan 'ZiNkraamzorg' en alle foarderdingen binne sadwaande oerdroegen oan ATC. De betingsten fan beteljen jilde, sa't dy troch ATC fêststeld binne.

Opsizzen

- Opsizzen kin allinne skriftlik oansein wurde, of it moat wêze dat der opsein wurdt fanwege medyske saken.
- By opsizzen wurde yn elts gefal de kosten yn rekken brocht.

Ungaadlik hâlden en dragen

- Under ûngaadlik hâlden en dragen wurdt diskriminaasje, bûtenwênstich brûken fan alkohol en drugs (driigjen mei) geweld, twang, gefaarlike bisten yn'e hûs of seksuele intimidaasje ferstien.
- By ûngaadlik hâlden en dragen komt der opslach in ein oan 'e soarch.

Oanspraaklikens

- 'ZiNkraamzorg' en har fêstiging kinne oanspraaklik steld wurde by skea oan materiële saken, dy't troch skuld of sleauwichheid fan 'e meiwurker ûntstien binne. Soks moat troch de klant feitlik oanwiisber makke wurde.
- Skea, ûntstien fanwege ûnkrekt of ûnfolsleine ynstruksje fan 'e klant, wurdt net fergoede.
- Der mei troch kreamfersoargjenden allinne arbeide wurde mei deugdlike en feilige apparatuer (inkl. deugdlike oanslutingen) en deugdlike en feilige materialen (lykas kruken). Skea troch breklike of ûnfeilige apparatuer of ûnfeilich materiaal wurdt net fergoede.
- In melding fan skea moat yn in tiidsbestek fan op syn langsten 48 oeren skriftlik barre by de fêstiging, dy't de kreamsoarch útfierde.
- By skea wurdt der foar de klant in beheind eigen risiko fan maksimaal € 100,-- hantearre.

Jaen fan folmachten

- Persoanlik fan 'ZiNkraamzorg' mei gjin bankpassen, koades en/of creditcards fan 'e klant brûke. By oertrêding hjir fan is 'ZiNkraamzorg' net oanspraaklik foar hokker skea dan ek.

Klachten

- In klacht oer de organisaasje en/of ferliening fan soarch moat skriftlik yn in tiidsbestek fan heechút fiif dagen nei it ophâlden fan 'e soarch oanjûn wurde.
- Klachten dy't ûnder de tiid fan soarch opkomme wurde yn 24 oeren nei yntsjinjen yn behanneling nommen. Oarsoartige klachten wurde yn 10 dagen yn behanneling nommen.
- By ûntefredenens oer it ôfhanneljen fan in klacht kin men jin rjochtsje ta de ûnôfhinklike klachtekommisje fan 'ZiNkraamzorg' te Gouda.
- In kopy fan it 'Klachtenreglement' fan 'ZiNkraamzorg' is foar de kostpriis op te freegjen by it haadkantoar fan 'ZiNkraamzorg' of by ien fan de fêstiging.

Geheimhâlding en Privacy

- Kreamfersoargjenden hawwe in beropsgeheim.
- De registraasje fan 'e persoansgegevens wurdt tige fertroulik fierd.
- In kopy fan it 'Privacyreglement' fan 'ZiNkraamzorg' is foar de kostpriis op te freegjen by it haadkantoar fan 'ZiNkraamzorg' of by ien fan 'e fêstiging.